

FERANTWURDE FOARÚT

KOÄLYSJEAKKOART GEMEENTEBELANGEN
DANTUMADIEL, SOCIAAL LINKS, SGP EN FNP



2026
2030

AS LOKAAL BESTJOER WOLLE WY
BETROUBER EN TSJINSTBER WÊZE,
FANÚT IN STERKE GEARWURKING DY'T
BASEARRE IS OP GOED ÛNDERLING
FERTROUWEN EN ÔFSPRAKEN OER
HÂLDING EN GEDRACH.

YNLIEDING

Foar jo leit it koälysjeakkoart 'Ferantwurd Foarút' fan de gemeente Dantumadiel foar de bestjoersperioade 2026-2030, opsteld troch Gemeentebelangen Dantumadiel, Sociaal Links, SGP en de FNP. Hoewol't wy fjouwer partijen binne, mei elk syn eigen eftergrûn, ferieniget dit akkoart ús yn ien heldere, mienskiplike misje: bouwe oan in sterke, libbenskrêftige en takomstbestindige gemeente dêr't it foar eltse ynwenner goed wenjen, wurkjen en libjen is.

De krêft fan Dantumadiel leit yn ús hechte doarpsmienskippen. Wy binne in gemeente fan oanpakkers dy't nei-inoar omsjogge en ferantwurdlikheid nimme foar ús leefomjouwing. Yn dit akkoart kieze wy bewust foar de krêft fan dy mienskip. Wy jouwe romte en fertrouwen oan ús ynwenners, frijwilligers, ûndernimmers en boeren dy't ús doarpen libbendich hâlde en ús Fryske lânskip beheare.

As lokaal bestjoer wolle wy betrouber en tsjinstber wêze, fanút in sterke gearwurking dy't basearre is op goed ûnderling fertrouwen en ôfspraken oer hâlding en gedrach.

Wy kieze dan ek foar in earlike en realistyske oanpak. Wy geane Ferantwurde Foarút; wy sykje binnen de beheinde finansjele romte nei mooglikheden om de kommende jierren te bliuwen ynvestearjen yn wichtige projekten dy't de leefberens en it wolwêzen yn ús doarpen fersterkje.

Yn de kommende fjouwer jier geane wy trochtaastend oan 'e slach mei de ambysjes yn dit akkoart. Fan it bouwen fan wenningen en takomstbestindige skoallen, sportfjilden en gemeentlike gebouwen, oant it koesterjen fan de Fryske taal en in finansjeel robúst en hâldbber sosjaal domein.

Wy noegje jo fan herte út om dit akkoart te lêzen en foaral om de kommende jierren mei ús mei te tinken en te dwaan. Want bouwe oan in sterk Dantumadiel, dat dogge wy tegearre mei jo.

Joran Jager
Heiko Plantinga
Heerke Kooistra
Tieme Heeringa



IEPENBIERE ROMTE

In oantreklike, feilige en fersoarge iepenbiere romte foarmet it fysike fûnemint foar de leefberens yn ús doarpen. Wy koesterje ús unike lânskip en fiele de ferantwurdlikheid om dit te beskermjen en it bioferskaat bliuwend te fersterkjen. Ek in feilich en tagonklik netwurk fan diken en fytspaden foar al ús ynwenners is dêryn essinsjeel.

Foar in sterke mienskip binne goede, feilige foarsjennings in hurde betingst. Dêrom drage wy duorsum soarch foar it behear en ûnderhâld fan ús skoallen, doarpshuzen en sportparken.

Dizze maatskiplike foarsjenningen binne dêrby mear as allinne stiennen gebouwen; it binne de ûnmisbere moetingplakken fan ús doarpen. Wy boargje de fysike en sosjale tagonklikheid fan al ús algemiene gemeentlike foarsjennings foar elkenien.



ÚS AMBYSJES



In feilige en tagonklike dykynfrastruktuer

Wy stribje nei in ferkearsfeilige omjouwing yn sawol de doarpskearnen as it bûtengebiet. It diken- en fytspaden-netwurk moat fan goede kwaliteit en tagonklik foar elkenien wêze.

- › Wy meitsje in kar foar in trasee trajekt foar de ûntslúting fan De Westereen en sette fiergeande stappen rjochting realisaaasje.
- › Wy boargje de trochstreaming op de Foarstrjitte yn De Westereen oant de ûntslúting realisearre is. De hjoeddeistige plannen bliuwe liedend en passe wy faseard ta.

In fersoarge, griene bûtenromte

Wy koesterje in iepenbiere romte dy't skjin en represintatyf is. Dêrby sette wy yn op ekologysk behear dat de bioferskaat fersterket en bydraacht oan it foarkommen fan wetteroerlêst en hjittestress. Wy tinke mei ynwenners en buertgroepen mei dy't lokaal iepenbier grien yn de eigen strjitte yn behear nimme wolle. Dêrnjonken beskermje en stimulearje wy safolle as mooglik it ûnderhâld fan ús karakteristike lânskipseleminten, lykas de elzesingels en halepaden.

Kwalitatyf en takomstbestindich geboubehear

Ús skoallen, doarpshuzen, sportfjilden en gemeentlike gebouwen foarmje de basis foar de leefberens.

Om ús gemeentlike gebouwen takomstbestindich en feilich te hâlden, fasilitearje wy planmjittich ûnderhâld, dêr't wy by dat ûnderhâld daliks enerzjybesparjende maatrigels tapasse.

- › Wy meitsje in strategyske ynvestearringsaginda foar planmjittich ûnderhâld fan ús gemeentlike gebouwen.
- › Wy realisearje in renovaasje fan de Sikkemahal yn De Westereen.
- › Wy meitsje in kar foar in senario foar it Sportpark Damwâld.
- › Wy ferkenne tegearre mei V.I.O.D. Driezum de mooglikheden foar it ferbetterjen fan de ferljochting op de sportfjilden.



Weardige begraafplakken

Wy hechtsje grutte wearde oan ús begraafplakken as plakken fan betinking en besinning. Wy soargje foar respektfol en struktureel ûnderhâld fan de algemiene begraafplakken.

- › Wy evaluatearje it behear fan de algemiene begraafplakken.

IN OANTREKLIKE, FEILIGE EN FERSOARGE
IEPENBIERE ROMTE FOARMET IT FYSIKE
FÛNEMINT FOAR DE LEEFBERENS YN ÚS
DOARPEN.

SOARCH & WOLWÊZEN

Yn Dantumadiel sjogge wy nei-inoar om. It gesin, de famylje en de brede mienskip fan ferienings en netwurken foarmje it sterke sosjale fûnemint fan ús maatskippij. Wy stribje nei in gemeente dêr't elkenien besteanssekerheid hat, nei fermogen meidwaan kin en dêr't ynwenners yn it earste plak selsredsum en mei-inoar redsum binne.

Soms rint it libben lykwols oars. Foar dyjingen dy't it sels, of tegearre mei harren omjouwing, tydlik net rêde, heart de gemeente in betrouber fangnet te wêzen. Wy stribje dêrby nei soarch en stipe fia koarte linen en ienfâldige oanfraachprosedueres. Om derfoar te soargjen dat it belied oanslút by de deistige praktyk, fine wy it wichtich dat ynwenners sels belutsen wurde. Minsken dy't gebrûk meitsje fan de Wet maatschappelijke ondersteuning, jeugdsoarch, dielname of learlingeferfier witte as gjin oar wêr't knyp punten sitte en wêr't it better kin.

Om dit stelsel foar de takomst sterk en betelber te hâlden, leauwe wy yn de krêft fan previnsje en betide sinjalearring, en erkenne wy de ûnskatbere wearde fan ús ynformele netwurk, lykas mantelsoargers en frijwilligers.



Ús AMBYSJES

Tagonklike en minskerjochte soarch tichtby

Wy stribje nei in betrouber, leechdrompelich en lokaal organisearre soarchstelsel. Ús ambysje is om de tagong ta soarch en stipe oan te bieden fia koarte linen en ienfâldige oanfraachprosedueres.

Besteanssekerheid en preventive stipe

Wy wolle foarkomme dat ynwenners yn earmoed reitsje en problemen har opsteapelje. Dêrom sette wy yn op betide sinjalearring fan problemen, optimaal gebrûk fan ryksmiddels en goede algemiene foarsjenningen. Hjirmei wolle wy bydrage oan in stabile basis en takomstperspektyf foar al ús ynwenners en gesinnen.



Wurdearring en fersterking fan it ynformele netwurk

Wy leauwe sterk yn de eigen krêft fan de mienskip en de fûnemintele soarch foar inoar. Wy sette ús yn foar it struktureel erkennen, fasilitearjen en ûntlêsten fan ús mantelsoargers en frijwilligers. Sy foarmje it ûnmisbere semint fan ús maatskippij.

Folweardige dielname en kânsen op wurk

Wy stribje nei in ynklusive maatskippij dêr't elkenien nei fermogen meidwaan kin en gjinien lâns de kant stiet. Ús doel is om ynwenners aktyf, duorsum en mei maatwurk te begelieden nei passend wurk, in lear-wurktrajekt of maatskiplike dielname.



Kwalitatyf goed en lokaal ferbûn ûnderwiis

Wy hechtsje grutte wearde oan in sterk, heechwaardich en tagonklik ûnderwiisoanbod foar ús jongerein. Wy wolle dat skoallen yn ús doarpen harren eigen identiteit behâlde kinne en dat it ûnderwiis nau ferbûn bliuwt mei ús lokale mienskip, histoarje en de Fryske taal.

Grip op útjeften yn it Sosjaal Domein

Yn line mei de 'Hervormingsagenda Jeugd' stjoere wy op kwaliteit, effektiviteit en passende ynset fan help. Wy stribje nei in finansjeel robúst en hâldber sosjaal domein, dêr't middels effektyf en doelmjittich ynset wurde.

Opvang

Op it mêd fan opfang freget it Ryk in protte fan gemeenten de mienskip. Dat is ek yn ús gemeente it gefal. Al jierren biede wy yn ús gemeente Dantumadiel plak oan statushâlders neffens de opjefte fan it Ryk. Wy fange mear Oekraïnske flechtlingen op as fan ús frege wurdt. Yn de ôfrûne perioade is yn line mei de lanlike opdracht besletten om tolve allinnereizgjende bern op te fangen yn Damwâld. Op dy manier drage wy by oan de lanlike ferdieling fan de druk op de opfang.

De krêft fan ús mienskip hat ek syn grinzen. Dêrom binne wy weromhâldend mei opfang yn ús gemeente. Dantumadiel hat in eigen karakter, mei relatyf lytse kearnen en in beheind foarsjenningsnivo. Dat freget om in soarchfâldige ôfwaging fan mooglikheden en ferantwurdlikheden.

Wy steane foar in realistyske en útfierbere oanpak, dêr't de belangen fan ynwenners, leefberens, feiligens en maatskiplike draachkrêft sintraal stean. Mocht it ta in ynterbestjoerlike opdracht komme yn de foarm fan in ferdielbeslút, dan sykje wy aktyf de gearwurking mei it Ryk, de provinsje, it COA en oare gemeenten.

Binnen de jildende wetlike ramten bliuwe wy yn petear oer in passende bydrage fan Dantumadiel oan de opfangopjefte. Dêrby sette wy yn op maatwurk, lokale rezjy en oplossingen dy't passe by de skaal en mooglikheden fan ús gemeente.

YN DANTUMADIEL SJOGGE WY NEI-INOAR
OM. IT GESIN, DE FAMYLJE EN DE BREDE
MIENSKIP FAN FERIENTINGS EN NETWURKEN
FOARMJE IT STERKE SOSJALE FÛNEMINT
FAN ÚS MAATSKIPPIJ.

WENJEN & OMJOUWING

Wy wurkje oan de leefberens yn de doarpen troch aktyf te stjoeren op wentebou dy't oanslút by it lokaal ferlet en dy't de trochstreaming op de wentebou boarget. Wy hechtsje dêrby wearde oan genôch wenningen foar minsken mei in sosjaal-ekonomyske bining mei de omjouwing. De hjoeddeistige wenningmerk freget om stevige karren en om kreativiteit yn de ynfolling: ek oare wenoplossingen, lykas boargerinisjativen om wentebou hinne, kangoeroewenningen en wenningsplitsing fertsjinje de oandacht.

Wy fiele in sterke ferantwurdlikheid om in sûne leefomjouwing troch te jaan oan folgjende generaasjes. Dêrom stimulearje wy in ynnovative enerzjytransysje en sette wy stappen rjochting in sirkulêre ekonomy.



ÚS AMBYSJES



Bouwe mei respekt foar it lânskip én behâld fan it doarpse karakter


Wy stribje nei sterke, libbenskrêftige doarpskearnen, dêr't nijbou past by de skaal en it karakter fan elk ôfsûnderlik doarp. Omdat it doarpse karakter dêrby net fanselssprekkend bûn is oan de besteande doarpsgrins, freegje wy kreativiteit en maatwurk fan de provinsje as it giet om romte foar bouwen yn it bûtengebiet. Wy foarmje in gearhingjende beliedsfyzje dy't ek rekken hâldt mei de wearde fan behâld fan griene, iepen en sosjale romte foar de leefberens, bygelyks in greidsje, boartersplakken of oare iepen plakken.

- › Wy ûntwikkelje belied foar bûtenstedlik bouwen.
- › Wy fersulverje de wentebou- en groeikânsen yn Feanwâlden.
- › Wy ûntwikkelje in romtlike en strategyske fyzje op Damwâld Noard.
- › Wy ûntwikkelje in plan foar in takomstbestindich stasjonsgebiet yn De Westereen.
- › Wy hawwe dêrnjonken omtinken foar de belangen fan de doarpen: Broeksterwâld, De Falom, Driezum, Feanwâldsterwâl, Readtsjerk, Rinsumageast, Sibrandahûs en Wâlterswâld.

In ynnovative en lânskiplik ynpasbere enerzjytransysje

Wy nimme ferantwurdlikheid foar in duorsume leefomjouwing. Wy stimulearje in ynnovative enerzjytransysje. By it ynpassen fan duorsume enerzjyopwekking is ús doel dat dit past by de aard en skaal fan it doarp en it lânskip.

- › Wy stimulearje de merk by wentebou-oanbestegingen om mei ynnovative enerzjyoplossings te kommen.
- › Foar de opwekking fan wynenerzjy jouwe wy allinne romte oan lytse wynmûnen, ynspirearre troch it 'Grinzer Model'.
- › Foar sinne-enerzjy sette wy maksimaal yn op de opwekking op gebouwen en passende objekten.
- › Wy biede gjin romte foar grutskalige sinneparken op lân en wetter.



In sirkulêre ekonomy en robúst miljeubelied

Ús ambysje op it mêd fan ôffal is om stappen te setten rjochting in sirkulêre ekonomy dêr't wy wergebrûk stimulearje en restôffal struktureel weromtringe.

- › Yn gearwurking mei ús regionale ôffalferwurker stimulearje wy it noch mear en better skieden fan húshâldlik ôffal, en it fierder ferheegjen fan it recyclepersintaazje. Dêrby behâlde wy de rol fan ús ferienings by it ynsammeljen fan âld papier.

WY FIELE IN STERKE
FERANTWURDLIKHEID OM IN
SÛNE LEEFOMJOUWING
TROCH TE JAAN OAN
FOLGJENDE GENERAASJES.

MIENSKIP

De krêft fan Dantumadiel leit yn ús mienskip. It binne ús hechte doarpsmienskippen dêr't minsken inoar kenne, ferantwurdlikheid nimme en harren frijwillich ynsette foar ferienings, stiften, tsjerken en oare maatskiplike inisjativen. Wy wurdearje dêrby de ynset fan ús tsjerklike mienskippen yn ús doarpen. Dat sterke sosjale basis wolle wy behâlde en fersterkje.

Om dit sterke fûnemint te stypjen, leuwe wy yn in oerheid dy't gearwurket mei har ynwenners. Lokale inisjativen krije romte en fertrouwen. De gemeente tinkt mei, stipet dêr't it nedich is en lit los dêr't dat kin. Wy benutte de tinkkrêft fan ús mienskip optimaal troch ynwenners yn in betiid stadium aktyf te belûken by nij belied.

Binnen dizze mienskip is boppedat elkenien like weardefol en wurdt elkenien respektarre. Der is gjin inkelde romte foar diskriminaasje, polarisaasje of bûtenslúting. Wy meitsje dêrby gjin ûnderskied tusken spesifike (groepen fan) ynwenners en oaren, útsein as der sprake is fan in dúdlik oanwiisbere efterstânsituasje dy't om rjochte aksje freget.



ÚS AMBYSJES



Takomstbestindige en passende ûnderwiishúsfêsting

Wy pakke neidruklik de rezjy op de planmjittige fernijing en ferduorsuming fan ús skoalgebouwen dy't oan ûnderhâld ta binne. Sa soargje wy lokaal foar kwalitative húsfêsting dêr't ús jongerein har optimaal ûntwikkelje kin.

- › Wy ûndersykje de mooglikheden en treffe de tariedings foar de nijbou fan de basisskoallen en de Nije Warf yn Wâlterswâld. Yn de Perspektyfnota, dy't yn it foarjier fan 2028 oan de ried oanbean wurde sil, sil in tariedingskredyt opnommen wurde.

- › Wy realisearje it Multyfunsjoneel Sintrum (MFC) yn Feanwâlden. De kosten fan it MFC wol de koälysje behearsber hâlde. Sjoen it dreege proses sil de realisaasje langer duorje as earst tocht. Om te boargjen dat it MFC de gemeente net yn breder finansjeel perspektyf útdagings bringt, makket de koälysje de folgjende bindende ôfspraken:

- De earste koarting fan fiif ton blykt mei de kennis fan no net realistysk en dêrom set de koälysje dat bedrach op it budzjet derby.
- De koälysje set ynsidinteele in reële ynflaasjekorreksje op it budzjet, trochrekkene oant en mei it ferwachte jier fan oplevering.
- By lettere oplevering as op dit stuit begrutte, hâldt de koälysje de frijfallen kapitaallêst binnen it projekt.

Mochten boppesteande maatrigels net genôch blike, dan wurdt der sjoen nei de ynfolling en omfang.



Fitale doarpen en in krêftich ferieningslibben

It rike ferieningslibben is ien fan de grutste krêften fan Dantumadiel. Sportferienings, muzykferienings, kulturele organisaasjes en in protte oare frijwilligersorganisaasjes soargje foar moeting, ûntwikkeling en ferbûnens. Wy stypje dizze organisaasjes aktyf en soargje derfoar dat dielname leechdrompelig en betelber bliuwt, yn it bysûnder foar ús jongerein. Wy wolle de ûnmisbere frijwilligers de romte jaan en belemmeringen foar harren ta in minimum beheine.

Libjende Fryske taal

Wy sjogge it Frysk as de kearn fan ús lokale identiteit. Wy meitsje plannen foar it aktyf boargjen en stimulearjen fan de Fryske taal yn ús mienskip.

- › Wy fergruptsje it sichtbere gebrûk fan de Fryske taal yn de gemeentlike tsjinstferliening en publike kommunikaasje. Wy hâlde dêrby each foar de útfierberens en it kommunikaasjedoel.

WY BENUTTE DE TINKKRÊFT FAN
ÚS MIENSKIP OPTIMAAL TROCH
YNWENNERS YN IN BETIID
STADIUM AKTYF TE BELÛKEN
BY NIJ BELIED.

YNWENNER & BESTJOER

Wy geane foar in sterke autonome en werkenbere gemeente dy't tichtby har ynwenners stiet. In klantrjochte en leechdrompelige tsjinstferliening is dêrfoar de basis, of dat no digitaal is of fia persoanlik kontakt oan it loket.

Wy realisearje ús dat Dantumadiel as selsstannige gemeente op in protte mêden gearwurket mei oaren om har opjeften wier te meitsjen. Dy gearwurking rikt fierder as ús direkte buorgemeenten allinne. Ôfhinklik fan it fraachstik sykje wy de ferbining yn regionaal, boppe-regionaal, provinsjaal en lanlik ferbân, en ûndersykje wy ek de kânsen dy't Europeeske gearwurking ús biedt. Wy sykje dizze ferbinings aktyf op, wis dêr't sy ús kennis, middels en slachkrêft opleverje dy't wy as lytsere gemeente allinne net hawwe. Tagelyk bliuwe wy bewust fan ús eigen posysje en kieze wy foar in eigen oanpak dêr't dat better past by ús skaal en identiteit.

Dêrnjonken is in feilige leefomjouwing it fûnemint fan ús mienskip. Om de leefberens te beskermjen, sette wy yn op previnsje.



Ús AMBYSJES



Tagonklike en feilige (digitale) tsjinstferliening

Wy steane foar in tsjinstbere oerheid dy't foar alle ynwenners en ûndernimmers leechdrompelig tagonklik is, sawol fysyk as digitaal. Ús doel is it fierder optimalisearjen en befeiligjen fan ús digitale tsjinstferliening. Wy hâlde dêrby each foar ûntwikkelingen op it mêd fan keunstmjittige yntelliginsje.

- › Wy behâlde it fysike gemeenteloket yn it gemeentehûs foar ús ynwenners.
- › Wy fiere needsaaklik ûnderhâld út oan it gemeentehûs om de libbensdoer mei op syn minst fyftjin jier te ferlingjen. Foar de ferbouwing jildt in taakstellend budzjet fan sa'n seis miljoen euro. Wy meitsje ús ree foar de Zero Emission Buildings-norm yn 2050.

- › Wy optimalisearje en befeiligje de online gemeentlike tsjinstferliening.
- › Wy soargje foar de finansjele effisjinsje en kontinuïteit fan al ús tsjinstferliening, ek dyjinge dêr't wy in tsjinstferlieningsoerienkomst mei Noardeast-Fryslân foar hawwe.



Oantreklik wurkjouwerskip en talintûntwikkeling

Wy hâlde rekken mei de hjoeddeistige krapte op de arbeidsmerk. Wy bliuwe ynsetten op oantreklik wurkjouwerskip en talintûntwikkeling. Om de opbou fan kennis te boargjen, kieze wy foar strukturele taken bewust foar fêst persoanen.

Heldere ramten foar boargerdielname

It is fan belang dat ynwenners sintraal steane en de mooglikheid ta ynbring hawwe op de eigen wen- en leefomjouwing.

- › Wy biede ynwenners heldere ramten foar boargerdielname.

In feilige leefomjouwing en fertrouwen

Wy wolle de iepenbiere romte foar elkenien leefber en feilich hâlde. Wy foarkomme ûnnedige rigeldruk en sette kontrôle-ynstruminten risikostjoerd yn.

- › Wy evaluatearje de Bibob-beliedsrigels.



Demokratyske legitimiteit

Wy binne súnich op ús pleatslike autonomy en binne kritysk op ûntwikkelingen dy't ús autonomy oantaaste.

- › Wy binne kritysk op it oerdrage fan foech nei mienskiplike regelingen.
- › Wy binne kritysk op it oerdrage fan foech nei de provinsje of oare oerheden.

In respektfol bestjoer

Wy respektarje de kulturele en religieuze identiteit fan ús ynwenners en organisaasjes en hâlde dêr safolle mooglik rekken mei.

- › Wy behâlde it amtsgebed.
- › Wy hâlde de hjoeddeistige rigels oer de sneinsiepenstelling. Der komt gjin ferromming.

WY GEANE FOAR IN STERKE
AUTONOME EN WERKENBERE
GEMEENTE DY'T TICHTBY HAR
YNWENNERS STIET.

WURK, BEDRIUW & REKREASJE

Wy bouwe oan in sterke lokale ekonomy. Dantumadiel is in gemeente fan oanpakkers en fakminskers. Wy koesterje dizze ûndernimmersgeast: fan de fakminskers yn de bou en de saaklike tsjinstferliening, oant de fertroude gesichten yn ús winkels en horeka. Ús boeren sjogge wy, hân yn hân mei al dizze ûndernimmers, as in essinsjele pylder fan ús lokale ekonomy en identiteit.

Om ús ûndernimmers bliuwend de romte te jaan, meitsje wy de kommende jier rjochte karren oangeande ús bedriuweterreinen, rekreaasje en toerisme. Mei as rânebetingst dat dizze ûntwikkelingen altyd yn balâns bliuwe moatte mei de leefberens, de rêst en it karakter fan ús doarpen.



Ús AMBYSJES



Toerisme en rekreaasje yn balâns mei de mienskip

Wy sjogge de ekonomyske mearwearde fan rekreaasje foar ús gemeente. Wy stimulearje passende toeristyske inisjativen dy't ús lokale bedriuwichheid fersterkje, sûnder de rêst en de leefberens fan de mienskip oan te taasten. Tink dêrby bygelyks oan it herstellen fan de histoaryske farrûte Noardlike Wâldrûte. Wy binne foarstanner fan lytsskalige lokale rekreative inisjativen en wy wolle de iepenbierens fan fakânsjeparken boargje. De grutte fan it park moat passe by de omjouwing.

- › Wy stelle in lokaal beliedsramt (rekreaasjefyzje) fêst om nije toeristyske inisjativen dúdlik beoardielje en aktyf stypje te kinnen.

In fitale lokale ekonomy en sterke wurkgelegenheid

Wy koesterje ús ûndernimmers as de ûnmisbere motor foar banen en leefberens yn ús doarpen. Ús útgongspunt is in betroubere, tsjinstbere oerheid dy't lokaal ûndernimmerskip maksimaal de romte jout, aktyf meitinkt en soarget foar in optimaal fêstigingsklimaat, sadat bedriuwichheid en lokale wurkgelegenheid behâlden bliuwe en groei kinne.

- › Wy fasilitearje de planmjittige ûntwikkeling fan besteande en nije, duorsume bedriuweterreinen om ús lokale ûndernimmers fysike romte te bieden foar fêstiging en groei.

FINÂNSJES

De basis foar in sterke autonome gemeente wurdt foarme troch in robúste finansjele posysje. De finansjele romte is de kommende jierren beheind en sûnder dy basis kinne wy ús ambysjes foar de doarpen en ús ynwenners gewoanwei net wiermeitsje. It opstellen fan in takomstbestindige langetermynfyzje fan de finansjele posysje en in oersichtlike finansjele ferantwurding sille hjirby de spearpunten wêze. Wy stribje nei realistysk begrutsjen en safolle mooglik transparânsje.

Troch dizze strakke finansjele stjoering wolle wy, nettsjinsteande de finansjele útdagings, romte behâlde om de kommende jierren te bliuwen ynvestearjen yn wichtige projekten dy't de leefberens en it wolwêzen yn ús doarpen fersterkje. Wy hâlde ús eigen ynterne organisaasjekosten kritysk tsjin it ljocht. Dêrnjonken wekje wy oer de lêstedruk foar ús ynwenners en ûndernimmers.



Ús AMBYSJES



Beharsbere en earlike lokale lêsten

Wy hâlde de gemeentlike heffingen foarsisber en foarkomme ûnnedige stigungen fan de lokale lêstedruk, sadat it libjen en wenjen yn ús gemeente foar elkenien betelber bliuwt.

- › De ôffalstoffehewing en rioelheffing bliuwe kostendekkend.
- › Wy wurkje ta nei kostendekkende tariven foar de leges, mei útsûndering fan evenemintefergunnings.
- › Wy passe alle jierren in ynflaasjekorreksje ta op de gemeentlike belestingen.

Doelmjittige besteging en beharske ynterne bedriuwsfiering

Wy drage de ferantwurdlikheid foar in effisjinte en slachfeardige gemeentlike organisaasje dy't kritysk sjocht nei har eigen ynterne bedriuwsfiering.

- › Wy befoarderje de trochûntwikkeling fan de amtlike organisaasje en lizze taken en ferantwurdlikheden skerp del. De formaasje moat passe by de taken fan ús gemeente.



Takomstbestindige en ynsichtlike begrutting

Ús doel is om finansjeel struktureel sûn te bliuwen, sadat wy de wissichheid hawwe dat wy ús wichtige lokale foarsjenningen ek op de lange termyn bliuwe bekostigje kinne.

- › Wy fergrutsje de ynsichtlikheid fan ús planning- en kontrôlesykus en fersterkje dêrmei de posysje fan de gemeenteried yn syn ramtstellende en kontrolearjende taak.
- › Wy hantearje in needsaaklike buffer (algemiene reserve fan op syn minst njoggen miljoen) om eventuele finansjele tsjinfallers yn de takomst goed opfange te kinnen.
- › Wy hâlde ús ôfskriuwingsbelied tsjin it ljocht.
- › Wy sette it aktyf grûnbelied troch.
- › Ûnnedige foarming fan potsjes as reserves en foarsjenningen geane wy tsjin.



WY HÂLDE ÚS EIGEN YNTERNE
ORGANISAASJEKOSTEN KRITYSK TSJIN
IT LJOCHT. DÊRNJONKEN WEKJE
WY OER DE LÊSTEDRUK FOAR ÚS
YNWENNERS EN ÛNDERNIMMERS.

FERDIELING PORTEFÚLJES

ANJA HAGA

BOARGEMASTER

- › Kommunikaasje en partisipaasje (belied)
- › Bestjoerlike oangelegenheden
- › Regionale, nasjonale en ynternasjonale gearwurking
- › Algemene Plaatselijke Verordening (APV)
- › Iepenbiere oarder en feiligens
- › Tafersjoch en handhaving, FUMO
- › Krisisopfang en needopfang
- › Rampenbestriiding
- › Personele saken
- › Representaasje
- › Kabinetssaken
- › ICT, cyberfeiligens, kwaliteit

KEES WIELSTRA

2E LOKOBOARGEMASTER

- › Romtlike Oardering
- › Fergunningen
- › Gebietsûntwikkeling (wenjen, bedriuweterreinen, rekreaasje, natuer)
- › Wenjen
- › Omjouwingskwaliteit, wolstân
- › Flechtlinge-opfang / útfiering spriedingswet fasilitearjend (fêstgoed) / romtlik domein
- › Gemeentlik fêstgoed, grûnsaken
- › Behear - en ûnderhâld kapitaalgoederen (gebouwen, wegen, strjitten, pleinen, OVL, weimeubilêr, wetter, grien)
- › Prosesbegelieding en ynterne koördinaasje Multyfunktjoneel Sintrum (MFC) Feanwâlden

ROMMY KEMPENAAR

1E LOKOBOARGEMASTER

- › Gemeentefinânsjes ynkl. belestingen
- › Bedriuwsfiering
- › Mobiliteit & ferkearsfeiligens
- › Realisaasje nije wegen, fytspaden, strjitten en pleinen en grutskalige werynrjochtingen
- › Ynkeap - en oanbestegingsbelied
- › Partisipaasjewet
- › Earmoedebestriiding / skuldhelpferliening
- › Rekreaasje en toerisme
- › Ekonomyske saken
- › Untwikkeling en bestjoerlike fertsjintwurdiging Multyfunktjoneel Centrum (MFC) Feanwâlden

TOM BAKKER

3E LOKOBOARGEMASTER

- › Maatskiplike Stipe en Publike Sûnens
- › Jeugdsoarch (jeugdwet)
- › Wolwêzenbelied, Yfke
- › Doelgroepferfier
- › Útfiering spriedingswet: belied / rezjy / koördinaasje / sosjaal domein
- › Duorsumens, enerzjytransysje bioferskaat ynkl. Klyster, lânbou en ôffal

TIEME HEERINGA

4E LOKOBOARGEMASTER

- › Underwiis + ûnderwiishúsfêsting
- › Jongereinwurk
- › Sport, kultuer en biblioteken
- › Behear- en ûnderhâld bûtensport-akkommodaasjes
- › Gemeentehûs
- › Aktivearring, ynboargering en pleatsing statushâlders
- › Algemiene begraafplakken
- › Boarterstúnen

